

# len bern, twa talen (I)

## Ynlieding

De fan hûs út frysktalige bern hawwe oan de ein fan de tredde klasse fan de legere skoalle frijwol gjin 'taalefterstân' yn it Hollânsk, ferlike mei bern út oare parten fan Nederlân. Dit hâldt sawol foar it ientalich as it twatalich ûnderwiis. Allinne it rekkenjen bliuwt benefter. Heechstwierskynlik is dat net it gefolch fan in 'taaldrompel', mar fan it tal oeren dat rekkenjen jûn wurdt.

Dat binne inkelde fan de wichtichste befiningen fan in grut en wiidweidich ûndersyk, dêr't Jehannes M. Wijnstra de deistige lieding fan hie en dat bekend stie as it 'Projekt Friesland'.

Sûnt 1 jannewaris 1971 hie de hear Wijnstra, dy't in âld-learling is fan de Kristlike Kweekskoalle te Snits en fan 1967 oant 1973 pedagogyk studearre oan de Ryksuniversiteit te Utert, de lieding by de deistige gong fan saken fan dit S.V.O.-projekt 0181, earst as studint-assistent, letter as wittenskiplik amtner.

De hear Wijnstra wie fan jongs ôf oan net ûnbekend mei de problemen fan twataligens. Hy brocht nammentlik syn jeugd troch yn Twellegea, dêr't er op 5 maaie 1946 op 'e wrâld kaam.

Op freed, 17 desimber 1976 promovearre hy op in proefskrift, dêr't yn Fryslân grutte belangstelling foar bestie, om't it it ferslach befette fan it boppeneamd projekt Fryslân.

De dissertaasje draacht as titel **Het onderwijs aan van huis uit friestalige kinderen** en as ûndertitel **Verslag van een evaluatie-onderzoek in een meertalige regio**<sup>1</sup>.

Fan dizze dissertaasje is noch yn 1976 in hollânske gearfetting ferskynd mei as titel **Eén kind, twee talen**<sup>2</sup>, wylst de fryske wjergade it jier dêrnei it ljocht seach as **len bern, twa talen**<sup>3</sup>. It wie it twadde boekje, dat yn it Frysk fan de steatsparsen rôle. Mei de oersetting yn it Frysk sil Simke de Haan it net altiten maklik hân hawwe, dochs is it him knap slagge.

## Oanlieding

De oanlieding ta it ûndersyk wie in fersyk fan de Fryske Akademy (dêr't it Pedagogysk Advysburo doe noch oan ferbûn wie), dy't ferlet hie fan 'hurde' ûnderwysgegevens oer de fertuten fan it ûnderwiis oan fan hûs út frysktalige bern. It ûnderwys rjochte him benammen op de (skriftlike) behearsking fan it Hollânsk yn de earste trije learjierren fan de legere skoalle. Groepen bern waarden folge fan de ein fan de beukerskoalle ôf oant en mei de ein fan de tredde klasse fan de legere skoalle, wylst letter ek de sechste klassen fan deselde skoallen yn it ûndersyk behelle binne.

Prof. dr. Jelle Sixma, de algemien projektlieder en teffens promotor, omskriuwt it yn syn foarwurd sa:

'Mear as yn oare provinsjes hawwe de doelstellingen en de foarmjowing fan it ûnderwiis yn forbân mei de taalsituaasje yn Fryslân, de skoalbistjûren en de ûnderwiisteam op in goed biried ferge. Mei de wetswiziging yn 1974 (ferplichting fan it Frysk as fak yn 1980,

frij jaan fan it Frysk as fiertaal, H.) wurdt der noch mear biried frege. Dit ûndersyk hat ta doel ynformaasje oan to dragen ta geriif fan de beslútfoarming by dat biried'<sup>4</sup>. Reden foar de redaksje fan 'e Pompeblêden om wat mear ruchtberens te jaan oan en ynformaasje oer dit omfangrykste en wichtichste ûndersyk, dat der oant no ta ea west hat fan it ûnderwiis yn Fryslân. Hoewol't it net maklik is in gearfetting te jaan fan sa'n dreech stik ûnderwiisresearch en benammen net om it lêsber te hâlden sille wy dochs besykje safolle mooglik oan beide kanten rjocht te dwaan. Wy sille lykwols net oars as slim eklektysk te wurk gean kinne. Wy rjochtsje ús dêrby benammen op **len bern, twa talen**, omdat wy ferwachtsje dat de lêzers fan de Pompeblêden dêr mear belangstelling foar hawwe sille as foar it proefskrift.

Lykas prof. Sixma komt ek Wijnstra op de beslútfoarming. Hy wiist der op, dat Fryslân yn de ûnderwiiswet offisjeel as meartalige provinsje erkend is en dat foaral taal- en kultuerpolitike arguminten dêr in rol by spile hawwe. Dêrnjonken spilen ek pedagogysk-didaktyske motiven in rol, lyk as yn de wet fan 1955:

'Daar waar naast de Nederlandse taal de Friese taal of een streektaal in levend gebruik is, kan het leerplan bepalen, dat ten hoogste tot in het derde leerjaar de Friese taal of die streektaal mede als voertaal bij het onderwijs wordt gebezigd'.

Sûnt 1955 is it brûken fan it Frysk as fiertaal yn 'e begjinjierren fan it leger ûnderwiis, benammen mei it each op de opliedings- en beropsmooglikheden dy't kamen nei it leger ûnderwiis, sawol posityf as negatyf wurdearre. Sa hawwe by de diskusje en de beslútfoarming oer it twatalich ûnderwiis jimmeroan de ferwachtings fan de ûnderwiisfertuten in rol fan betsjutting spile. It evaluaasje-ûndersyk ûnder lieding fan de hear Wijnstra wol dizze ûnderwiisresultaten hifkje en ta de diskusje dêroer in bydrage leverje.

## Opbou

De opbou fan it proefskrift en de populaire gearfetting dêrfan komme foar it grutste part (de earste fiif haadstikken) oerien, wylst de dissertaasje yn syn gehiel twa haadstikken mear befettet.

Yn it proefskrift komme de resultaten fan de fjouwer foarnaamste ûndersykgroepen út de ûnderbou fan de legere skoalle statistysk wiidweidich oan 'e oarder yn in grut tal tabellen en figueren. Yn de gearfetting wurdt de 'gewoane' lêzer dêr net mei pleage. De ûndersiker sil der grif mei sitten hawwe wat er wol en net weilitte moast. Soks docht ûnder mear bliken út nûmer acht fan de stellingen, dy't hearre by it proefskrift:

'In de opleiding van leerkrachten voor het basisonderwijs zou een korte cursus statistiek op zijn plaats zijn om de toekomstige leerkrachten bekend te maken met enkele veel gehanteerde statistische begrippen in het sociaal-wetenschappelijk onderzoek.'

De haadstikken 2, 3, en 7 kinne nei ús betinken ek hiel goed op harsels lêzen wurde, los fan de haadstikken oer it eigentlike ûndersyk. Se befetsje hiel wat





133

literatuer-ûndersyk, dat foarôf gongen is oan it fjildwurk. Haadstik 2 jout yn grutte halen omtinken oan de meartaligens yn it algemien, de foarmjouwing fan it ûnderwiis yn meartalige gebieten en it hifkjen dêrfan. It is in útgongspunt foar haadstik 3, dat de taal- en ûnderwiissituaasje yn Fryslân as thema hat. Yn haadstik 7 hifket Wijnstra it ûnderwiis yn inkelde meartalige gebieten, benammen yn Wales, mar hy jout ek omtinken oan de lerske republyk en de Kanadeeske provinsje Quebec (Montreal).

Yn de haadstikken 4, 5 en 6 wurdt ferslach dien fan it tusken 1972 en 1976 útfierde evaluaasje-ûndersyk. In slotbeskôging (haadstik 8) beslút it boekje fan 125 bledsiden.

Ut haadstik 1 (ûnderwiis yn meartalige gebieten) docht bliken, dat Wijnstra it begryp meartaligens net brûke wol as in merkteken fan de yndividuële persoan, mar as merkteken fan in gebiet, dêr't mear talen brûkt wurde. Hy wol him benammen rjochtsje op gebieten, dêr't in twadde (is: **net** as memmetaal oanlearde) taal as fiertaal brûkt wurdt by it ûnderwiis. Yn Nederlân komt men dan al gau telâne by Fryslân en Limboarch as meartalige gebieten, dêr't de streektaal sterk ferskilt mei it standert-Hollânsk. Foaral yn sokke streken kin hollânsktalich ûnderwiis problemen jaan yn it ûnderwiis.

### Diglossia

Mei as útgongspunt in ferienfâldiging fan de ferneamde typology fan twatalich ûnderwiis neffens Mackey, komt Wijnstra ta in yndieling fan meatalichheidssituaasjes. Yn Fryslân hawwe wy dan te krijen mei in regio, dêr't foar it grutste part in oare taal as de nasionale standert brûkt wurdt yn de húshâlding.

Ek bûten Nederlân neamt de skriuwer foarbylden fan sokke gebieten, dy't ienris min ofte mear selsstannich west hawwe of by in oar lân hearden, lyk as Wales, de Elzas, Baskelân, Bretanje.

Yn sa'n regio sil ornaris in foarm fan diglossia<sup>5</sup> ûntstean, dat wol sizze in situaasje, dat (beide) talen net ta deselde doelen of yn deselde fermiddens brûkt wurde of brûkt wurde kinne, benammen net omdat se ûngelikense rjochten hawwe en ûngelikense kânsen krije. As regel ûnstiet der dan in taal mei in heech oansjen (prestizje, status), dy't brûkt wurdt yn kontakt mei b.g. oerheid en tsjerke, wylst de taal mei de legere status thús en yn oare ynformele fermiddens brûkt wurde mei.

Sa'n diglossia-ferhâlding tusken beide talen beheint de gebrûksmooglikheden fan de ûnderlizzende taal (b.g. it Frysk) tige op 'en doer. Yn min ofte mear sintralistisk bestjoerde steaten (lyk as Nederlân) wurdt de machtichste, boppelizzende taal (it Hollânsk) op it lêst allerwegen offisjeel en dêrmei almeast de iennichste fiertaal by it ûnderwiis.

De regionale taal, dy't trochstrings minder taalmacht hat, moat dan begjinne út in nul-situaasje wei.


De fiertaal fan it ûnderwiis slút net oan by de taal fan de bern en de kritearia foar de kar fan de learstof binne ûntliend oan it oerhearskjende taal- en kultuerpatroan.

Earst as de taal fan in nasionale of etnyske minderheid in funksje kriget yn it ûnderwiis, kin dat in bydrage betsjutte ta de ûntjouwing en it yn stân hâlden fan dy taal.

### Modellen

Ek de taalferhâldings fan de typology fan Mackey. It resultaat is in seistal ûnderwiistaalmodellen, dêr't de taal fan de húshâlding as fak- en as fiertaal yn it ûnderwiis al of net oan de oarder komme kin.

Om't it modeltinken de tinzen oarderet en wy ús yn Fryslân beriede moatte sille oer dizze modellen wolle wy dêr, mei de klassifikaasje fan Wijnstra as útgongspunt, wat wiidweidiger op yn gear.



Model I ken gjin oare talen yn it ûnderwiis as de twadde taal (yn Fryslân it Hollânsk). Yn it begjin fan de tachtiger jierren sil dit model neffens de wetswizing fan 1974 sûnder in tige goede reden net mear bestean kinne. It Frysk is dan as fak ferplichte, wylst it as fiertaal brûkt wurde mei.

Model II komt oerien mei ús twatalige skoalle (wetswizing 1955). De twadde (nasionale) taal komt wat letter en minder yntensyf yn de ûnderbou oan de oarder, wylst it Hollânsk in folslein monopoalje hat yn de boppebou. Nei 1980 sil it Frysk as fak opnommen wurde



moatte yn de boppebou en sil model II feroarje moatte yn model IV, dat wol sizze yn de twatalige skoalle sa't dy hjoed-de-dei it meast foarkomt: Frysk as fiertaal yn in grut part fan de ûnderbou en as fak de hiele skoalle troch. Model III is de ientalige skoalle, dêr't it Frysk as fak de hiele skoalle troch in plak hâldt. Gjin romte is frijmakke foar it Frysk as fiertaal. Dit is wol it gefal yn model V: Frysk as fak en fiertaal de hiele skoalle troch. Model V suggerearret, dat oan de earste of gesinstaal likefolle tiid jûn wurdt as oan de twadde taal. Likefolle tiid jaan oan Frysk en Hollânsk as fiertaal is in ideaalbyld, dat op koarte termyn nei ús betinken net maklik te réalisearjen wêze sil. Op 'en doer sil it ien fan de wêzenlikste betingsten wêze foar it fuortbestean fan it Frysk yn ús bern op in kwalitatyf oanfurdber nivo. Der sil in flink stik dekondeisionearing fan it ûnderwizend persoaniel foar nedich wêze. It laisser faire begjinsel, dat der op it stik fan de fiertaal noch leit yn de wet fan 1974 sil te min garânsjes jaan, dat it Frysk as fiertaal nei kwantiteit en kwaliteit net ûnder in oannimlik minimum op ús skoallen komt. It seit himsels, dat ditselde ek hâldt foar de beropsopliedingen fan ús beukerliedsters en ûnderwizers. It lit him ek tinke dat de weroplieding foar in foech foar Frysk yn fjirtjin lessen benammen taalkultureel oan de krappe kant wêze sil en helje takomstige lesjouwers út it heal-analfabetisme (it Frysk wol lêze kinne, mar net skriuwe).

Model VI komt benammen foar yn lannen mei mear as ien nasionale lânstaal (Switserlân, België, Kanada). De regionale (offisiële) mearderheidstaal is fiertaal by it ûnderwiis, wylst in twadde offisiële taal fak is. Projektearre yn de Fryske ferhâldingen soe dat betsjutte dat it Hollânsk yn Fryslân allinne as fak in plak hâldt op de skoallen. It model kin eins allinne mar yn federalistyske of tige desintralisearre steaten bestean.

Haadstik 3 jout in analyse fan de taal- en ûnderwiissituaasje yn Fryslân, mar besteget ek oandacht oan oare dielen fan Nederlân (b.g. Kerkrade). It is in nijsgjirrich haadstikje omdat status en funksje fan it Frysk, getalsferhâldingen en sprieding fan de taalgroepen, hâlding foar it Frysk oer en de histoaryske ûntjouwing fan de ûnderwiissituaasje ûnmisbere saken binne foar de kennis fan studinten oan pedagogyske en agogyske akadeemjes, learare-opliedingen ensfh. yn Fryslân. Fansels kin men in grut part fan dizze kennis ek helje út de weardefolle boeken fan Boelens<sup>7</sup>, Boelens e.o.<sup>8</sup> en Pietersen<sup>9</sup>. Yn it algemien is Wijnstra lykwols wat kreker yn de oantsjutting fan de brûkte boarnen, wat tige fan pas komme kin foar minsken dy't ien en oar neigean wolle.

### Analyse

Yn syn analyse fan de ûnderwiissituaasje giet Wijnstra der fan út dat de aktueel jildende en de feitlik neistribbe eindoelen fan it leger ûnderwiis yn Fryslân sa likernôch deselde binne as yn oare provinsjes. Op it stuit kin it foechhawwend gesach dêr doelen op it mêd fan it Frysk oan tafoegje. Nei 1980 is it mei de frijbliuwendheid dêrfan ôfrûn. Skoallen dy't oant no ta neat diene oan it Frysk sille tiid op it roaster frij meitsje moatte.

Nijsgjirrich is dat út earder ûndersyk fan Wijnstra út 1970 bliken die, dat de behearsking fan it Hollânsk fan frysktaligen by it begjin fan it leger ûnderwiis wol op in wat heger peil lei as Post yn 1950 fêststelde, mar dochs dy fan de fan hûs út hollânsktalige bern net belykje koe. It docht ús deugd te fernimmen, dat Wijnstra op grûn fan wer oare ûndersikings konkludearre koe, dat ús skoalbern nei yntelliginsje in normale trochsneed binne fan de totale nederlânske befolking.

Faaks net dat immen dêr oan twivele, mar de wittenskipsman kin dêr dochs net fan út gean. Ek tusken



Illustraasje fan de modellen...

bern fan ien- en twatalige skoallen konstatearre de ûndersiker yn dat opsicht gjin ferskillen, wylst dy tusken de ûnderskate kriterien yn Fryslân net grut wiene. In feit om efkes by stil to stean is dat de learkrêften fan it twatalich ûnderwiis har mear by it Frysk belutsen fiele as dy fan it ientalich ûnderwiis. Soe it gjin sin hawwe dêr jitrisk nei te fernimmen yn de earste helte fan de tachtiger jierren as rûnom Frysk jûn wurdt? Foaroardielen dy't rêste op kennistekoarten kinne tsjin dy tiid hooplik wat mear út de wei wêze. Troch it heljen fan in foech is der wat mear ferdjipping kommen, wylst ek it sels les jaan liede kin ta in gruttere leafde ta it Frysk. Mar ek no al is de hâlding fan de fryske ûnderwizers foar it plak fan it Frysk oer-sa die bliken — positiver as dy fan Grinslân en nochal wat positiver as dy fan Limboarch. Men moat dan wol betinke, dat soks yn'e hân wurke wurdt troch it feit dat de dialekten fan dizze provinsjes yn skreaune foarm amper in funksje hawwe. Noch jimmeroan wurde yn Fryslân gâns ûnderwiisproblemen troch de lerkrêften net allinne skood op rekken fan it fermidden (milieu), mar ek op de taaleftergrûn fan de bern. Wy soene dêrút konkludearre kinne, dat de twatalige skoalle syn besteansgrûn noch lang net kwyt is. Ek yn Kerkrade waard inkelde jierren lyn de eigen wurking fan de taaleftergrûn, los fan it milieu, fêststeld. Wijnstra koe dan ek troch dizze en oare ûndersikings it fermoeden ha, dat yn somlike dielen fan Nederlân streektaalpraters efterbliuwe by hollânskpraters yn it leger ûnderwiis. Opponinten fan bygelyks it twatalich ûnderwiis yn Fryslân hawwe soks wol besocht te brûken as argumint tsjin de funksje fan it Frysk as fiertaal yn it ûnderwiis. Wijnstra wiist yn dit ferbân op de ryklik fjirtich ynstjoerde stikken, dy't sa'n tsien jier lyn yn de kolommen fan de Ljouwerter Krante ta soms fûle polemiken laten. It ferlet fan mear en 'hurdere' ûndersyksgegevens oer de ûnderskate ûnderwiismodellen liet him fiele. It Pedagogysk Advysburo fan de Fryske Akademy hat doe de earste stjit jûn om ta in ynventarisearjend ûndersyk te kommen. Om't de aktive behearsking fan it Hollânsk yn de begjinklassen fan it leger ûnderwiis it lytst achte waard, like it it bêste it ûndersyk te'n earsten te beheinen ta de earste trije klassen fan de legere skoalle, wylst it ûndersyk syn start meitsje soe yn it lêste jier fan de beukerskoalle. Utgongspunt wie dat it Hollânsk it reau, it middel is ta leger- en fuortset ûnderwiis. As it Hollânsk as skoalletaal ôfwykt fan de taal fan it bern kin dat skoalbekwaamheidsproblemen jaan, maar tagelyk — sa seit Wijnstra — kin men jin ôffreegje oft de skoalle gjin berngeskiktheidsproblemen jout. Problemen genôch dus om ris in ûndersyk nei te dwaan. De heer Wijnstra wurke in ûndersyksútstel út, de Stichting voor Onderzoek van het Onderwijs (S.V.O.) subsidiearre. It ûndersyk soe in breed ynventarisearjend-eksploratyf karakter hawwe moatte, omdat — sa waard ornearre — '... onvoldoende gegevens bekend zijn over de beheersing van het Nederlands en welke rol deze speelt in de schoolbekwaamheid van Fries sprekende kinderen voor nederlandstalig basisonderwijs.'



Faaks soe der — sa waard tocht — nei sa'n startûnderwyk, as der te min 'schoolbekwaamheid' foar de hollânsktalige skoalle signearre waard by ús frysktalige bern, oanlieding wêze ta in eksperimintele fase en in ynnovaasjefase dy't ta in bettere ûnderwiislearsituaasje liede kinne soe.

Oer fraachstelling, opset, útfiering en útkomsten fan it ûndersyk sels in oare kear yn De Pompeblêden wat mear.

Sytze T. Hiemstra

Noaten:

1. J. H. Wijnstra **Het onderwijs aan van huis uit friestalige kinderen.**

Verslag van een evaluatie-onderzoek in een meertalige regio. Deel 2 van de Stichting voor Onderzoek van het Onderwijs, Staatsuitgeverij 's-Gravenhage, 1976. 295 bladsiden, prijs f 25,—.

2. J. H. Wijnstra **Eén kind, twee talen**

Beknopt verslag van een evaluatie-onderzoek van het onderwijs in Friesland. Deel 3 van de Stichting voor Onderzoek van het Onderwijs, nr. 506 fan de Fryske Akademy, Staatsuitgeverij 's-Gravenhage 1976. 128 bladsiden, prijs f 10,—.

3. J. H. Wijnstra **Ien bern, twa talen.**

Biheind forslach fan in evaluaesje-ûndersyk fan it ûnderwiis yn Fryslân. Diel 3 fan de Stichting voor Onderzoek van het Onderwijs, nû 506 f fan de Fryske Akademy, Staatsuitgeverij

's-Gravenhage, 1977, 125 bls., priis f 10,—. S. de Haan fersoarge mei help fan Kr. Boelens de oersetting yn it Frysk.

4. Ib., **Ien bern, twa talen**, 1977, bls. 5.

5. Sjoch foar dit foar Fryslân sa wichtige begryp benammen it bûtengewoan ynstruktive boekje fan L. Pietersen, **Taalsociologie, minderheden, tweetaligheid, taalachterstand. Groningen, Tjeenk Willink, 1976.**

6. J. H. Wijnstra, **Het onderwijs . . .**, bls. 18.

7. Kr. Boelens, **Twatalich leger ûnderwiis, binammen yn Fryslân.** De Haech, Ministearje fan Underwiis en Wittenskippen, 1975. In ienfâldich en lêsber boekje dat yn koart bestek ynformaasje jout oer ferskillende foarmen fan twatalich ûnderwiis, ek yn it bûtenlân. It is ek ferskynd yn inkelde wrâldtalen. Under de titel **Tweetalig lager onderwijs, inzonderheid in Friesland**, kin men it ek yn it Hollânsk krije.

8. Kr. Boelens, A. Feitsma, L. Pietersen, R. Straatsma, G. H. Vledder en K. Zondag, **Twataligens**, Ljouwert, Algemiene Fryske Underrjocht Kommisje, 1973. In nije bewurking fan dit foar Fryslân ûnmisbere stúdzjeboek oer ûnderskate aspekten fan de twataligens wurdt taret.

9. L. Pietersen, **Taalsociologie. . . .**, 1976.

10. **Ed Knotter** makke de tekeningen.



# len bern, twa talen (II)

## Ynliding

Yn De Pompeblêden fan 11 febrewaris 1978 hawwe wy omtinken jûn oan in part fan it boekje **len bern, twa talen** fan Jehannes M. Wijnstra. It is in populêre gearfetting fan syn proefskrift **Het onderwijs aan van huis uit friestalige kinderen**. It proefskrift is al mear as in jier yn 'e hannel; de fryske gearfetting seach yn 1977 it ljocht. Omdat de útkomsten fan in troch Wijnstra c.s. op it fryskpratend plattelân útfierd ûndersyk nei benammen de behearsking fan it Hollânsk troch fan hûs út frysktalige bern, tige nijsgjirrich binne, wolle wy yn dit twadde artikel wat djipper yngaan op de fraachstelling, opset, útfiering en útkomsten.

Oan de ein fan it artikel wolle wy omtinken jaan oan de fraach: Wat is it winsklik plak fan it Frysk yn it ûnderwiis?

## Fraachstelling

De earste en wichtige fraach fan it startûndersyk:

'welke minimum eisen stelt het bestaande nederlandstalige onderwijs aan beheersing van het Nederlands als voorwaarde voor sukses in dit onderwijs', moast feitlik al daliks bûten beskôging bliuwe, omdat it noch skraachwurk mooglik is en omskriuwing taalbehearsking as ûnderdiel fan de skoalbekwamens ynhâldlik. It ûndersyk beheinde him dan ek ta twa oare fraachstellingen: 'In hoeverre is er ten aanzien van het bestaande nederlandstalige onderwijs sprake van een tekort aan schoolbekwaamheid voor het bestaande nederlandstalige onderwijs als gevolg van een onvolledige beheersing van het Nederlands.'

'In hoeverre is er ten aanzien van het bestaande nederlandstalige onderwijs sprake van een tekort aan geschiktheid voor van huis uit Fries sprekende kinderen.'(1)

De lêste fraachstelling freget-sa seit de hear Wijnstra-eins in prosesanalyse fan it feitlik funksjonearjen fan it ûnderwiis en soks joech yn de praktyk te folle methodologyske en oare (b.g. mankrêft) swierrichheden. As sintrale fraachstelling bleau oer de middelste fraach: dy nei it tekoart oan skoalbekwamens foar it besteande hollânsktalige ûnderwiis oer. Ek dy fraach hat sa syn swierrichheden, nammentlik it probleem dat de skoalbekwamens it skoalsukses (it berikken fan de eindoelen) net foarsizze kin. De kâns op sukses wurdt fansels wol befoardere troch de skoalbekwamens, mar winliken kin men allinne efterôf goed fêststelle oft der skoalsukses west hat. It nivo fan it skoalsukses lit him lykwols wol bepale troch groepen learlingen te ferlykjen. Sa kin men b.g. in groep fan hûs út frysktalige bern ferlykje mei in op in tal relevante punten lykwaardige hollânsktalige groep. Hoewol 't it yn it ûndersyk benammen gong om de behearsking fan it hollânsk fan frysktalige bern hawwe de ûndersikers ek noch wat omtinken jûn oan de behearsking fan it Frysk troch it te ferlykjen mei de behearsking fan it Hollânsk fan fan hûs út hollânsktaligen.

## De skoallen

Yn 1971 waard begûn mei it selektearjen fan de skoallen yn gemeenten op it fryskpratend plattelân. Sa 'n 26

gemeenten foelen dêr ûnder, omdat tachtich persint of mear fan de minsken dêr Frysk praat. Der moast in seleksje komme fan beuker- en legere skoallen neffens ûnderwiistaalmodel. Fan de beukerskoallen foelen skoallen mei minder as 70 % frysktalige beukers ôf. De skoallen, dy 't oerbleaune hiene trochstrings 90 % fryskpratende beukers. Nijsgjirrich is dat Wijnstra yn de krite fan de stekproef (homogeen frysktalich plattelân) op in 84 % fryskpratende beukers komt. Ferlike mei 1966 wie dat in ferskowing fan 5 % (doe wie it 89 %). Neffens de fiertaal fan de liedsters by it ûnderwiis (de ûnderwiiskondysje) koeg men op it lêst in groep beukerskoallen oerhâlde mei Frysk as fiertaal en in groep mei Hollânsk as fiertaal. De beide groepen fan meiïnoar 98 beukerskoallen waarden keppele oan ien- en twatalige legere skoallen (meiïnoar 172 kombinaasjes). De beukers soene dêr letter hinne. It grutste tal bern fan elke kombinaasje dat mei dwaan koe waard op tsien steld om in ridlike sprieding fan genôch skoallen oer it homogeen frysktalige gebiet te krijen. De stekproef yn Fryslân kaam út trije groepen te bestean mei de folgjende kombinaasjes:

A. foar it grutste part frysktalige beukerskoalle-twatalige legere skoalle;

B. foar it grutste part frysktalige beukerskoalle-ientalige legere skoalle;

C. foar it grutste part nederlânsktalige beukerskoalle-ientalige legere skoalle

In fjirde ferlykbere groep, útsein fansels de taal, waard fûn yn it Utertske greidegebiet (U). De skoallen waarden útlotte. In 50 learlingen yn ien groep (ûnderwiiskondysje) like genôch. Yn Utert waard it tal bern op 80 steld. De folsleine stekproef bestie op it lêst út 241 bern (yn 1972).

Groep A waard splitst yn:

A.1. frysktalige beukerskoalle-lytse twatalige legere skoalle (twa learkrêften);

A.2. frysktalige beukerskoalle-grutte twatalige legere skoalle (mear as twa learkrêften).

It tal bern yn groep A.1. waard 'op 30 steld en yn A.2. op 50. Underling moasten de groepen ferlike op in grut tal merktekens om te sjen oft se wol ferlykber wiene: âlderdom, yntelliginsje, hâlden en dragen, opliedingsnivo fan de âlden, algemiene kulturele foarsjennings yn de húshâlding, aktiviteiten fan de âlden foar en mei de bern, ensfh. Yn Fryslân waard ek frege nei de ferhâlding tusken Hollânsk en Frysk, b.g. op it stik fan boekebesit, foarlêsaktiviteiten, de kontakten mei hollânskpratere en de hâlding fan de âlden foar it Frysk en Hollânsk oer. Nei ferliking kamen de ûnderwiiskondysjes A.2., B, C, en U, ek neffens skoallegrutte, goed oerien. Groep A.1. moast fierder foar it grutste part bûten beskôging bliuwe omdat de bern út dy groep trochinoar twa moanne jonger wiene, wylst ek de ferbale yntelliginsje (bepaald troch in yn it Frysk ôfnommen yntelliginsje-toets) leger lei, en soks net allinne te ferklearjen foel út it âlderdomsferskil.

## Toetsen

Oan it grutte tal toetsen (standardisearre opdrachten), dat op de bern loslitten is, sille wy net te folle omtinken jaan.





gjin wiskunde-knobbel,  
mar in rekkengat ? (7)

Der waarden hark- en praatfeardichheidstoetsen — sawol yn it Hollânsk as yn it Frysk — en toetsen foar de kennis en it krekte brûken fan hollânske taaleleminten socht of ûntwikkele. Dêrnjonken moasten der skoalbekwamens- en skoalfoarderingsstoetsen brûkt wurde. Fan skoalsukses koe praat wurde as de doelen op it mêd fan de ynstrumintele en kulturele feardichheden yn de earste trije learjierren fan de legere skoalle berikt waarden. Men hat dan benammen doelen foar eagen op it gebiet fan lês- en taalûnderwiis, mar ek doelen foar rekkenjen en skriuwen. Oare doelen, b.g. op it mêd fan de ekspressive fakken (sjongen, nifeljen, gymnastyk, ensfh.) of op it terrein fan de saakfakken (skiednis, ensfh.) moasten bûten beskôging bliuwe, omdat se folle minder algemiene erkenning fûn hawwe.

#### Resultaten

By de analyses is net allinne sjoen nei de betsjutting fan de ferskillen, dy't tusken de groepen fûn waarden, mar ek oft de ferskillen yn de rin fan de jierren (fan beukergroep oant b.g. de tredde klasse) grutter of lytser waarden. Dit lêste wie — sa koe konkludearre wurde — net it gefal by de skoares op de yntelliginsje-toetsen. Ut in hollânske grammatika-toets die bliken, dat sterke tiidwurden, dy 't by feroaring fan tiid in lûdwiksel ûndergeane by ús bern swierrichheden jaan kinne ('gekruipt' as antwurd jaan yn stee fan 'gekropen'). In inkelde kear wie de ynfloed fan it Frysk dúdlik te merkbiten. By de praat- en harkfeardichheidstoetsen koe der konkludearre wurde dat, hoewol 't de bern somlike eleminten breklik yn 'e macht hiene, it boadskip dat oerbrocht wurde moast yn begryplik Hollânsk stal krige. De opfallendste ôfwikings leine op it mêd fan de wurdkar (b.g. sizze: hij **ziet** naar de vogel, yn pleats fan **kijkt**).

Soms waarden ek net gongbere of te folle ferhâldingswurden en bywurden brûkt (b.g. sizze: hij loopt **bij** de trap op), of der waard in bepaald lidwurd brûkt wylst it in besitlik foarnamwurd wêze moatten hie (b.g. hij heeft een ballon in **de** hand).

De praat- en harkfeardichheidstoetsen, dy 't yn it Frysk ôfnommen wiene, wiisden by ús fryske bern sa likernôch itselde nivo oan as de hollânske dy 't yn Utert ôfnommen wiene. Oer it generaal wiene yn Fryslân de útkomsten fan de toetsen op it gebiet fan it technysk lêzen, begripend lêzen, skriftlike opdrachten, stavering, wurdbejutting, wurdfoarder, opstel — dus saken fan skoalbekwamens en skoalfoarderings! — sadanich dat der gjin ferskillen tusken de groepen wiene of dat dy almeast tige lyts wiene. Allinne rekkenjen wie yn Utert yn 'e tredde klasse fiks better as by de trije Fryske skiften. Opfallend wie dat de redaksje-opjeften-sa is goed ûndersocht — dêr net mandêlich oan binne. No soe it fansels sa wêze kinne dat ien bepaalde skoalle it gemiddelde fan in groep frijwat beynfloede hie. Ek al omdat yn elke groep (dus elke ûnderwiiskondysje) net safolle skoallen meidiene. Mar ek dêr moasten de ûndersikers fêststelle, dat net ien skoalle de gemiddelden fan de groep sterk posityf of negatyf beynfloede hie.

Sa 't wy earder al opmurken hawwe, wiene de groepen A.1 (lytse twatalige skoallen) en A.2 (grutte twatalige skoallen) op grûn fan ferskillen yn leeftyd en ferbale yntelliginsje net goed ferlykber. Dochs wiene de ûndersikers fan betinken dat groep A.1 op deselde wize as de oare groepen oan de ferliking mei dwaan moast. Hoewol 't de bewizen dêrfoar dus net wetterticht binne doare hja dochs mei de nedige foarsichtigens te sizzen dat lytse en grutte twatalige skoallen gjin ferskillen fan belang sjen litte. Dat docht benammen bliken út it feit, dat de ferskillen, dy 't der wiene op de skoalfoarderingsstoetsen yn de rin fan de jierren — ferlike mei oare groepen — net grutter wurde: de ferskillen bliuwe gelyk of wurde lytser.

#### Konklúzje

De 'wichtige' einkonklúzje fan Wijnstra is dat der **gjin** wichtige ferskillen besteane tusken de groepen yn de earste trije learjierren as wy sjogge nei it berikken fan de ûnderwiisdoelstellingen op it mêd fan lês- en taalûnderwiis. 'As wy forlykje mei gegevens út oare ûndersiken kin it nivo fan skoalsukses goed neamd wurde. Dat der yn de rin fan de jierren op de rekkentoetsen wol in forskil tusken de Uertske groep (en de Fryske groepen fansels, H.) to sjen wie, dêr hawwe sy fan opsjoen.'(2)

Sa wie der by 't einsluten gjin oanlieding om in eksperimintele fase ta te rieden. Allinne by rekkenjen soe men dêr oan tinke kinne, mar sa seit Wijnstra'. . . it liket net wierskynlik, dat de konstataarre ferskillen by it rekkenjen gearhingje mei de taaleftergroun fan de learlingen.'(3)

By it beskôgjen fan de resultaten moat men neffens de skriuwer rekken hâlde mei in stik of trije beheinende faktoaren. Yn it foarste plak binne der gjin analyses fan de ûnderwiisprosessen en de kondysjes, dêr 't it ûnderwiis ûnder funksjonearje moat. Hoe 't de konstataarre befiningen ta stân kommen binne — sa soene we dus sizze kinne — leit besletten yn 'e 'black box', de dize fan it ûnderwiislearproses. In oarde beheining is, dat der gjin omtinken jûn wurde koe oan by-effekten op de persoanlikheidsûntwikkeling, dy 't yn ferbân brocht wurde kinne mei de ûnderwiiskondysjes. Wijnstra tinkt net, dat der oanlieding is, dat dy bestean sille. Tinkt hy hjir — sa freegje wy ús ôf — oan it foardiel fan it brûken fan it Frysk (as fiertaal) as basis fan in stik selsrespekt yn it twatalich ûnderwiis? Of oan de neidielen fan it brûken fan it Hollânsk as fiertaal op de ientalige skoalle as basis fan it jin yn it Frysk minder fielen? Yn it tredde plak moat men hieltiten betinke, dat it ûndersyk net fierder giet as de earste trije learjierren fan it leger ûnderwiis. De stekproef soe te lyts wurde as men de learlingen ek letter noch folgje wolle soe. Fan dat oangeande is it spitich, dat de stekproef yn de begjinfase net grutter nommen is. It moaiste hie west, sa seit de ûndersiker sels, dat der fan it begjin ôf oan twa ûndersiken neist elkoar útfierd wiene. Ien sa 't it no dien is yn de ûnderbou, en ien fan it tredde oant en mei it seisde learjier. Foar dit lêste wie it lykwols te let. Noch



wol koe yn it skoallejier 1974/75 in (parallel-) ûndersyk dien wurde yn it seisde learjier fan de skoallen, dy 't yn de stekproef fan it startûndersyk sieten. Foar dit ûnderwyk waarden trije ûnderwiiskondysjes opsteld.

(T) twatalich ûnderwiis yn Fryslân,

(E) ientalich ûnderwiis yn Fryslân;

(U) ûnderwiis yn it Utertske greidegebiet.





### Parallelûndersyk

De groepen waarden ferlike op skoalsukses en (mûnlinge) kommunikaasjefeardeichheid yn it Hollânsk. Benammen Skoalleteoetsen Basisûnderwiis fan it CITO waarden brûkt foar it fêststellen fan it skoalsukses. Om koart te kriemen: der waarden ferskillen fûn, û.o. yn nonferbale yntelliginsje. Hâldt men dêr rekken mei by de skoalfoarderingsstoetsen dan wurde de ferskillen te lyts om fan belang te wêzen. Fan nijs waard wer it nivoferskil by it rekkenjen dúdlik — ek nei statistyske korreksje — tusken de Utertske groep oan de iene en de Fryske groepen oan de oare kant. Utert wie wer fiks better. Wijnstra achtet it hiel goed mooglik dat dat te krijen hat mei it feit dat yn 'e tredde klassen fan ús ien- en twatalige skoallen neffens it roaster in heal oere yn 'e wike minder rekkenjen jûn wurdt as yn Utert. Yn 'e seisde klasse is dat sels in oere yn 'e wike. Fansels kin ek de foarmjouwing fan it rekkenûnderwiis ynfloed hân hawwe, mar by it groepearjen fan de skoallen kin soks tsjinelkoar weifalle. De ûndersiker konstataarre dat neffens it roaster navenant foaral by it twatalich ûnderwiis mear tiid útlutsen waard foar de ekspresjefakken (sjongen, nifeljen, gymnastyk, tekenjen, hantwurkjen). (4) Spitich mei it neamd wurde, dat fan de folsleine groep, dy't oan de CITO-toetsen meidie, gjin eftergrûnkaraktistiken, lykas sosiaal milieu en yntelliginsje, beskikber wiene. Dêr kaam noch by, dat somlike skoallen foar it earst oan de CITO-toetsen meidiene. Yn it ramt fan lannelike noarmen wiene de resultaten fan de CITO-toetsen: (stillêzen, taalgebrûk, stavering, rekkenjen) yn Fryslân, mar ek yn Utert, behyplik. Dat bliuwt sa as op lanlik nivo lytsere skoallen op lytsere plakken ferlike wurde mei de trije fryske ûndersykgroepen. Sa binne dus eins de befiningen fan klasse seis yn tsjinspraak mei de folle geunstiger resultaten fan de earste trije learjierren. It liket de ûndersiker net sa maklik in ferklearring te jaan. Foar in part sil dy mooglik te finen wêze yn de eftergrûnfariabelen, mar ek it net ynspile wêze fan de bern op CITO-toetsen kin in rol spile hawwe. Ek toetsfeardigens moat men ommers leare.

### Slotbeskôging

Oan de ein fan syn boek (haadstik 8) stelt de skriuwer fêst, dat de fan hûs út ientalige bern fan sawol ientalige as twatalige skoallen mar amper ferskille op it mêd fan de skriftlike behearsking fan it Hollânsk. Ek binne der gjin wichtige ferskillen mei de bern út Utert. Dat jildt benammen foar de ûnderbou, mar ek wol foar it seisde learjier. De yn somlike opsichten-yn ferliking mei lannelike gemiddelden-legere skoares op lês-, taal- en rekkentoetsen by sawol it ien- as twatalich ûnderwiis yn klas seis, soe, sa seit Wijnstra, it omtinken hawwe kinne fan de skoalbegelieding. Ut it ûndersyk sels kinne gjin oanwizingen ta ferbettering ôflaat wurde. Men soe dêrby earder tinke moatte oan in ferbettering fan de foarmjouwing fan it ûnderwiis-benammen by rekkenjen-as oan mear lesieren.



-  Frysk as fak
-  Frysk as fiertaal
-  Hollânsk as fiertaal
-  Hollânsk as fak

Ed. (7)

### De romte foar it Frysk

In grut winstpunt foar it Frysk is-sa is de ûndersiker fan betinken — dat de bern fan twatalige skoallen frysk skriuwen en lêzen leard hawwe en **tagelyk net ûnderdogge** foar bern fan ientalige skoallen op oar mêd. Wichtich is ek, dat neffens de skriuwer oan de resultaten fan de besteande ûnderwiisfoarmen yn Fryslân op it mêd fan de skriftlike behearsking fan it Hollânsk net folle arguminten ûnliend wurde kinne by de kar fan in bepaalde ûnderwiisfoarm: no model III, IV of V (ferl. De Pompeblêden fan 11 febrewaris 1978, bls. 40-43) Sa is Wijnstra fan betinken, dat der in beskate romte foar soarch en tiid foar it Frysk as fak is. Hoefolle tiid oft der oan Frysk jûn wurde kin en fan hokker programma-ûnderdielen dy tiid ôfnommen wurdt, sil neigien wurde moatte. Hast noch belangriker liket ús ta wat Wijnstra ôpmerkt oer it Frysk as fiertaal. Wy litte de skriuwer hjir efkes sels oan it wurd:

'Wat het gebruik van het Fries als voertaal bij het onderwijs betreft, laten onze onderzoeksgegevens zien, dat tussen de twee- en eentalige scholen, die aan het onderzoek hebben deelgenomen, geen verschillen van belang aanwijsbaar zijn op het gebied van de schriftelijke beheersing van het Nederlands. Dit impliceert, dat verschillende wegen gevolgd kunnen worden om dezelfde einddoelstellingen te realiseren. Hoewel we daaraan in ons onderzoek uiteraard geen aandacht hebben kunnen besteden, zijn naar onze mening niet direkt negatieve gevolgen te verwachten van een uitbreiding van het gebruik van het Fries als voertaal in de hogere leerjaren.(...)

Het gebruik van het Fries als voertaal in de modellen IV en V kan op verschillende gronden worden verdedigd. Het Fries kan als voertaal worden gehanteerd om beter aan te sluiten bij de beginsituatie van van huis uit friestalige leerlingen. Hoe zwaar dit argument moet wegen, is op grond van ons onderzoek niet te zeggen. We hebben weliswaar geen betere of minder goede resultaten kunnen vaststellen, die samenhangen met het gebruik van het Fries als voertaal in de tegenwoordige situatie, maar dit is slechts een beperkt gezichtspunt. Daarnaast kan het gebruik van het Fries als voertaal ook volkomen legitiem op taal- en kultuurpolitieke gronden worden verdedigd.



Het gebruik van het Fries in het onderwijs kan een belangrijke bijdrage zijn tot de instandhouding en bevordering van het Fries, niet in het minst omdat daarmee de gebruiksmogelijkheden worden verruimd.'(5)

### Hoe fierder?

Mei syn dissertaasje hat Wijnstra in ûnbidich en dreech stik wittenskiplik wurk ôfsletten. In protte minsken hawwe der foar yn it spier west. Der is mear klearrichheid kommen yn it twiljocht fan de oar- en foaroardielen sa't dy der hyn en nei west hawwe, benammen om de twatalige skoalle hinne. Tal fan wichtige of nijsgjirrige útkomsten binne empirysk ta stân kaam neffens in sa krekt mooglik statistysk-methodologysk mal. It fertsjinnet bewûndering en grutte wurdearring. It proefskrift lit him dan ek net lêze as in spannende roman. Krekt oarsom. In ûndersyksferslach kin ek al hast net oars wêze. Ek it beheind en popularisearre ferslach **len bern, twa talen** draacht dêr de spoaren fan. Dat de hear Wijnstra noch krekt in lêsbere foarm fûn hat, mei in fertsjinste wêze. Sa't út it boppesteande sitaat al min ofte mear bliken docht is it ferhaal foar ús noch net út. Wy sille ús beriede moatte oer de fraach oft de eindoelstellings fan it ûnderwiis yn Fryslân — as wy it Frysk efkes bûten beskôging litte — gelyk wêze moatte oan de lannelike doelstellingen. Dizze fraach wurdt benammen urgint as de ekstra doelstellings, dy 't Fryslân hat (troch it fak Frysk) net genôch fertuten dwaan sille. As b.g. it dúdlik wurdt, dat de bydrage ta it ynsthâlden en befoarderjen fan it Frysk te lyts wêze sil. It gefaar driget, dat de skoallen harren tefolle beheine sille ta in oerke ferplichte Frysk as it Frysk maatskiplik gjin gruttere funksje kriget as sprutsen, mar benammen as skreaune taal. Sil men jin net beheine ta wat lêzen en ferstean, foaral yn de stêden en gruttere plakken? Kinne wy eins it plak fan it Frysk yn it ûnderwiis wol besjen los fan it plak fan it Frysk yn it amtlik ferkear, de tsjerke, it bedriuwslibben? Sil it Frysk yn it ûnderwiis sûnder in totaal-visy, sa't drs. J. Mulder en mr. L. Bouma dy foarsteane en sûnder de konsekwinsjes, dy 't soks hawwe moat, net marginaal bliuwe?

Om yn de takomst it Frysk yn it ûnderwiis, likegoed kwantitatyf as kwalitatyf, op in nivo fan behearsking te krijen dat foldwaande neamd wurde mei, dan sil it trochbrekken fan de diglossia-situaasje in betingst wêze. Under in foldwaande nivo fan behearsking fersteane wy: it Frysk like goed skriuwe kinne as it Hollânsk en it prate kinne sûnder al te folle hollannismen. Wijnstra brûkt by syn beskriuwing fan meartalichheidssituaasjes ek it begryp diglossia, mar allinne yn beskriuwende, konstatarejende sin. Wy komme neat te witten oer syn opfettings oer de relaasje diglossia-ûnderwiisdoelen yn Fryslân. In taal- of eventueel in sosiale idéology sil útslútsel jaan moatte oer it plak fan it Frysk binnen en bûten de skoallemuorren. Mei en moat — sa is in oare fraach — it Hollânsk in stap(-ke) tebek dwaan as ûnderwiisdoel as dêrmei in wichtige bydrage levere wurde soe oan it opkearen fan de assimilaasje, de kréolisearring fan it Frysk? Of bliuwt it Frysk der op ta? Yn dat gefal sil it ynterferinsjeproces frijwol net te kearen wêze.

Wy bliuwe benijd nei de idéologyske eftergrûn fan de wittenskiipsman Wijnstra.

Wilens sille wy ús yn Fryslân beriede moatte oer de kar út de modellen III (Frysk allinne as fak), IV (Frysk as fak de hiele skoalle troch en as fiertaal yn de begjinklassen) en V (njonken it Hollânsk it Frysk as fak- en fiertaal de hiele skoalle troch).

Liket in kombinaasje fan de modellen IV en V net winsklik op it plattelân? En model V yn 'e stêd? Is in kombinaasje fan IV en V wier ûnmooglik of net winsklik foar de stêd?

Wy tinke dan oan it Hollânsk en Frysk as fak, wylst it Frysk yn de klassen ien en twa as fiertaal oerhearsket en it yn de boppebou in posysje kriget dy 't min ofte mear lykweardich is oan dy fan it Hollânsk. Soe men yn de stêden — op frijwillige basis — net ris tinke moatte oan in soarte fan fryske ysgolion cymraeg? Of soene der te min âlden wêze, dy 't der foar fiele? Dan soe te uzes ûnmooglik wêze wat yn Wales en Quebec ferwurklike is. Yn Wales, sa docht bliken, binne der ingelsktalige âlden, dy 't welsktalich ûnderwiis kieze foar harren bern, wylst yn Quebec ingelsktalige âlden foar frânsktalich ûnderwiis kieze (it St. Lambert eksperimint). Yn de praktyk die it fak (Frânsk, Welsk) te min fertuten.

Sa wurdt dêr in taal mei minder taalmacht of minder status foar kar nommen. Leit de status fan it Frysk fier ûnder dy fan it Welsk? Sil de taal mei de heechste status en de grutste taalmacht (b.g. it Hollânsk of it Ingelsk) der op skoalle ûnder lije?

Wijnstra wiist der op, dat it Ingelsk fan ingelsktalige bern op de frânsktalige skoalle yn Kanada net minder is as dat fan bern op oare skoallen en dat mei deis in heal oere ingelsk taalûnderrjocht (fan klasse twa ôf).(6)

Eksperiminten mei in mingfoarm fan de modellen. IV en V yn b.g. Ljouwert en Drachten soene winliken in skoandere saak wêze.

Yn de takomst komme wy foar de fraach te stean oft in ferplichting fan it Frysk as fiertaal neffens in beskaat minimum net winsklik of needsaaklik wêze sil. Garânsjes op dat mêd ûntbrekke no folslein. Fjirtjin applikaasjelessen foar in foech Frysk kinne net mear as in lytse basis wêze. Ommers al fier foardat de learplicht der wie waarden de learkrêften konditionearre op ien taal yn it ûnderwiis. Mei men der dan net fan út gean dat de dêkonditionearring in slim stik wêze sil?

Itselde jildt de mutatis mutandis foar it fuortset ûnderwiis. Moat b.g. de posysje fan it Frysk op de p.a.'s en de opliedingsskoallen foar beukerliedsters beheind bliuwe ta de lessen fan de learaar Frysk? Binne ek de ekspresje- en saakfakken, kultuer en maatskippijlear, didaktyk net geskikt om it Frysk wat mear syn gerak te jaan as fiertaal? Of moat soks oerlitten wurde oan hobbyïsten? En as in taal te goed is foar hobbyïsme sil soks dan net trochwurkje moatte yn de learere-oplieding, dêr 't ek Fryslân syn part fan hat?

It brûken fan it Frysk as fiertaal sil praktisearre wurde moatte. Ek de relaasje Frysk-Ingelsk sil didaktysk en methoadysk besjoen wurde moatte, sadat it Ingelsk stipe krije kin fan it Frysk. Sa binne der noch wol mear saken te neamen.

Wy binne noch fier ôf fan in slutend gehiel fan ûnderwiisfoarsjenningen foar it Frysk yn it totale ûnderwiis yn Fryslân. It boppesteande mei dan ek deidreamerij hjitte nei oanlieding fan Wijnstra syn treflik wurk. Deidreamerij wie fiif jier ferlyn ek de wet fan 1974 of it yn 'e steaten mei miene stimmen oannimmen fan de moasje Boorsma oer it Frysk yn it fuortset ûnderwiis (20 desimber 1977). Soks jout goede hoop.

Sytze T. Hiemstra

### Noaten:

1. J. H. Wijnstra, **Het onderwijs aan van huis uit friestalige kinderen**. Verslag van een evaluatie-onderzoek in een meertalige regio. 's-Gravenhage, 1976, p. 62-69.
2. J. H. Wijnstra, **len bern, twa talen**. Biheind forslach fan in evaluaasjeûnderwyk fan it ûnderwiis yn Fryslân. 's-Gravenhage, 1977, p. 92.
3. **ib.**, **len bern, twa talen**, p. 93.
4. **ib.**, **Het onderwijs . . .**, p. 222.
5. **ib.**, **Het onderwijs . . .**, p. 272-274.
6. **ib.**, **len bern, twa talen**, p. 110.
7. Ed Knotter makke de tekeningen.

19 jan. 1978